

AD 1870

HISTOARYSKE KOMMISJE
DE EASTERWIERRUMER
FREONERÛNTE



Easterwierrum

2018

Organisearret op sneon 5 maaie
“De Noflike Jûn” Yn de sfear fan alear!



Ynrin: 19:00 oere – Praatoerke

Start programma: 20:00 oere

Plak: “De Tysker”

Tagongspriis: € 0,50 p.p.

www.easterwierrum.nl

Programma (mei skoft)

- ✓ *Nijs fan de Histoaryske Kommisje.*
- ✓ *Wat docht in Easterwierrumer yn 1880 by Mata Hari op de foto?*
- ✓ *Historische Vereniging Raalte*
 - *Lêzing oer de famylje Douma /
Timmerfabryk Easterwierrum / Raalte.*
- ✓ *Bysundere presintaasje fan sa'n 200 foto's u.o. út de albums fan de famylje;
Y. Terpstra, J. Hoekstra, Meintema,
G. Altenburg, F. Hoekstra, Leyenaar,
E. Groen, B. de Vries, J. Stoelĳnga,
A. de Vries, A. Miedema, T. vd Meer,
G. Wondaal-Hoekstra, A. Boersma en
G. Mulder.*
- ✓ *Âlde film fan Easterwierrum út de jierren
76-79 fan de famylje Haagisma.
Mei u.o. bylden fan karnafal, merke, korps,
soos yn't kafee, gearkomste doarpsbelang,
keatsen en bernespulstsjes.*

Oprop!

Ha jo thús noch moaie foto's, kaarten, tekeningen, dokuminten, dia's, filmpkes, folders of noch wat oars bysûnders fan Easterwierrum lizzen? Dan wolle we graach mei jo yn kontakt komme, want it is eins tige spitich dat it allinnich by jo te besjen is...elkenien dy't wat mei Easterwierrum hat, soe der eins fan genietsje moatte...

Ha jo de foto's yn albums plakt? Jo kinne wol in foto fan in foto nimme mei in digitale kamera en dan sa nei ús maille. Jo kinne losse foto's/dokuminten ek nei ús opstjoere per post. Wy nimme dan in foto fan in foto of skanne se yn. De foto's en dokuminten stjoere we dan wer nei jo werom.

At jo mear ynformaasje ha oer de saken dy't jo nei ús stjoere bygelyks nammen fan de minsken op de foto's/ferhaal/tiidstip dan wolle we dat ek graach witte.

Wy komme ek graach by jo thús. Wy nimme dan de apparatuer mei! Witte jo noch mear âld-Easterwierrumers of neitins te wenjen dy't miskien ek noch wol wat lizzen ha, lit it us witte. Digitale bestannen kinne sa nei ús mailt wurde.

Jo kinne jo guod ek skinke oan ús Kommisje (doarp Easterwierrum), it wurdt dan goed bewarre en bliuwt dan ek beskikber foar de kommende generaasjes.

Op de "Noflike Jûn" kinne jo ek jo foto's, dokuminten en oare saken ynbringe of skinke oan ús kommisje. Graach foarsjoen fan jo gegevens en goed ferpakt yn envelop of doaze.

Ha jo fragen, skilje of mail ús!

AD 1870

HISTOARYSKE KOMMISSJE DE EASTERWIERRUMER FREONERÛNTE



Noflike Jûn

2018

Organisearret op sneon 5 maaie “De Noflike Jûn” Yn de sfear fan alear!

Digitale bestannen graach ferstjoere nei:

kopij@easterwierrum.nl

Meint Miedema tîllnr.: 06 212 34 907

Dokuminten/foto's per post graach ferstjoere nei:

Stephan Kurpershoek

Doarpsstrjitte 18, 9021 CL Easterwierrum

Tîllnr.: 06 235 41 465

stephankurpershoek@live.nl

Net ferjitte om jo eigen gegevens mei te stjoeren.

Geart Siesling tîllnr.: 058 250 1264


gsiesling@hetnet.nl

Piet Boersma tîllnr.: 06 130 61 803

pietboersma@outlook.com

Nico van der Werf tîllnr.: 056 660 1281

nicovanderwerf@hetnet.nl



Ynrin: 19:00 oere – Praatoerke

Start programma: 20:00 oere

Plak: “De Tysker”

Tagongspriis: € 0,50 p.p.